

Wit Wat



Dit boekje is fan

.....

Wit Wat

Skriuw de wurden op it goede plak.

(kies út: mear, út, snút, sear)

**Gedicht**

Knyn hat op in stientsje biten,  
 en no docht syn toskje .....

Hy hat lêst fan pinemûle,  
 lekker ite kin net .....

Eefkes nei de toskedokter,  
 dy sjocht knyntsje yn syn .....








Dokter seit: "Dat seare toskje,  
 lûk ik, ien, twa, hup, der .....



**Goed poetse**

Skriuw de wurden by it goede plaatsje.

Kies út: tosk, kies, boarstel, tandpasta, beker, kraan, mûle, handoek.



### SÛN OF NET SÛN

Net alle iten is sûn.

Set de wurden by it goede plaatsje.

Set der by: **sûn** of net **sûn**.

De wurden binne:

appel, lolly, woartel, iisko, molke, koekje, bôle, reep, aai, limonade,



#### Witst wol dat:

- minsken 1 x fan tosken wikselje
- oaljefanten wol 7 x
- krokodillen wol 40 x
- en haaien elke dei

#### Witst wol dat:



- Lytse bern 20 tosken ha
- en grutte minsken 32
- Dat de tosken fan in knyn altyd troch groeie
- wol 10 sintimeter yn 't jier

WIER OF NET?



**Meitsje it rûntsje grien (wier) of read (net wier)**

1. Yn 'e wachtkeamer sitte 5 minsken.
2. Twa stuollen binne leech.
3. Op 'e tafel leit in grutte biezem.
4. It jonkje hat pine yn 'e mûle.
5. Op 'e poster steane in appel, in par en in kiwi.
6. De âlde pake sit te lêzen.
7. Op 'e tafel leit in Donald Duck.
8. De grutte jonge hat in hoed op.
9. Mem hat learzens oan.
10. De toskedokter hjit "De Wit".



WOL TOSKEN OF GJIN TOSKEN?





Net alle bisten ha tosken.

**Skriuw de namme fan it bist by de plaatsjes.**

Set der ek: "wol tosken" of "gjin tosken" by.

De bisten binne:

ûle, liuw, kikkert, haai, slak, oaljefant, wjirm, knyn, skyldpod, mûs.



SUDOKU





















Stil sitte, dit docht aanst eefkes sear!



Yn dizze puzzel sitte 5 plaatsjes.  
In kies, in toskeboarstel, tandpasta, in beker en in kraan.  
Yn elke rij sit it plaatsje mar ien kear.

***Kinsto de oare plaatsjes tekenje?***



BY IT TELEVYZJEPGRAMMA

***Watfoar wurden komme op it skerm?  
kleurje it rûntsje ast it wurd sjochst.***

- |                              |                               |                              |
|------------------------------|-------------------------------|------------------------------|
| <input type="radio"/> stoel  | <input type="radio"/> dream   | <input type="radio"/> poetse |
| <input type="radio"/> boar   | <input type="radio"/> knopkes | <input type="radio"/> spuit  |
| <input type="radio"/> tosken | <input type="radio"/> wetter  |                              |

Watfoar wurden bliuwe oer?

Meitsje dêr in tekening oer.

